DE TREFFER

JIERGONG 56-2 DESIMBER 2025



Oan it wurd

Ids Boersma

Keeperspraat

Jorrit Stap

In fruitmandsje bringe by

Lourens van der Pol

Fjierders yn dit nûmer u.o.

- *SDS-Nijjierssit op 3 jannewaris*
- *Krystpuzzel*
- *SDS-Look-a-likes*
- *Materiaalman: Gert-Jan Hiemstra*

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside Treffer: Henk Bootsma

Jiergong 56 nûmer 2 **desimber 2025**

Redaksje:	**Adres:**	**tillefoan:**
Metsje Huitema	Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444
Fakatuere		

'Fêste' stikjesskriuwer; Aant.

Webside-redaksje:
Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl



Bestjoer:		**tillefoan:**	**funksje:**
Helga Develing	Heechhiem 1, 8734 GS Easterein	06-52628565	Foarsitter
Tryntsje Kooistra- Bouma	V. Eijsingaleane 22, 8734 GD Easterein	06-21467278	Skriuwer
Lourens van der Pol	't Bosk 19, 8731BJ Wommels	0614185253	Ponghâlder
Fakant			Foarsitter jongerein
Syb Overal	Streek 30, 8734 GR Easterein	06-33030042	Wedstrydsekretaris
Marijke Swierstra	Dr. S.Stapertstrjitte 28 8731 CB Wommels	0638747439	Ledenadminstraasje
Fakant			PR en Reklame
Kerst Hoekstra	Pastoar ten Bokumstrjitte 11, 8736JG Reahus	0622187399	Technyske saken
Gert-Jan Hiemstra	Skoallestrjitte 10 8734 GM Easterein	06-51120435	Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: Eameladres: Jeugd.sds@gmail.com

Fakant	Foarsitter
Peter Geertsma	Algemien lid
Dirk de Jong	Algemien lid
Pieter Kamstra	Algemien lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Helga Develing
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Lourens van der Pol
PRcommissie@vv-sds.nl	=> ……
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> Syb Overal
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Catharina Postma
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Tryntsje Bouma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Kerst Hoekstra
TCjeugd@vv-sds.nl	=> Jongereinkommisje
Accommodatie@vv-sds.nl	=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Fakant	Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Johan Postma	Wedstriidstipers SDS 1
Willem Wijnia	Advertinsjes De Treffer

Wedstrydsekretariaat
Senioaren, seal en de jeugd:
Syb Overal,Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:
Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:
Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:		**tillefoan:**
Andries Stuiver	A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872

Fersoarging materialen:
Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:
Bauke Dijkstra, Lourens van der Pol, Robin van der Weg en Sietze Stoffelsma.



Bankrelaasje: NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:		**Tillefoan:**
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	06-12951565
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrjitte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje:

Senioren fjildfuotbal:	€ 74,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 51,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 57,-	it healjier
Junioren O15:	€ 48,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 40,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 35,-	it healjier
Froulju 7x7	€ 27,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.
By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun. Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.
Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje by.
Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.
In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.
Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, “de Treffer”, fergees tastjoerd, jo komme op it ‘Freonenboerd’ en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (06-29892380)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden,** aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **“oan-/ôfmelde”**.
Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.
By fragen kinne je kontakt opnimme mei Catharina Postma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle
Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)
Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.
By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

maart 2025

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan ‘e redaksjeleden.
Leafst oer de E-mail.
E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de Trefferredaksje



Hjir de lêste Treffer alwer fan 2025.
Op ús oprop om yn de Trefferedaksje te kommen hawwe wy net folle reaksje krigen. Dus wy skarrelje noch mar efkes sa troch.
Yn dizze kryst-Treffer de tradisjoniele SDS-krystpuzzel, in ferslach fan de ledengearkomst, in fruitmandsje foar Lourens, it programma fan de SDS-nijjierssit, in weromsjoch op de lange fuotbalkarrière fan Ids Boersma, keepersprаat mei Jorrit Stap, in petear mei in échte SDS-fanaat en noch folle mear.
Wy hawwe trainer Douwe Posthuma ek mar wer efkes oan de tosk field. As koprinner yn de 4e-Klasse A mei SDS 1 hat hie wol wat út te lizzen.

Wy winskje jim in soad lêsplezier, noflike krystdagen en in sûn en noflik 2026!
Oant sneon 3 jannewaris op de nijjierssit!

Bestuhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhhuuhhhhh,
Willem



Oan it wurd: Ids Boersma	Keeperspraat: Jorrit Stap	De SDS-krystpuzzel
		
side 6	**side 19**	**side 23**

Ynhâld

Fan de redaksje 3
Fan it bestjoer 5
Ferslach SDS-ledengearkomst 6
SDS-nijjierssit op sneon 3 jannewaris 7
Oan it wurd: Ids Boersma 8
Trainerspraat: Douwe Posthuma 11
SDS/Nijland JO19-1 aktyf op it OFK 12
Gezocht: vrijwilliger PR / Sponsorzaken VV SDS 13
Keeperpraat: Jorrit Stap 14
SDS-krystpuzzel 16
Mika de Jong by sc Heerenveen en sc Cambuur? 18
SDS-League: Wa pakt de titel? 19
It ljocht op in SDS-supporter: Idsert Stenekes 20
Wêr hellet Douwe de 'mosterd?' 21
Sparje mei foar SDS! 22
Persoanlijk 23
Efkes foarstelle: Marijke Swierstra 25
SDS-Look-a-likes (48) 26
In fruitmandsje bringe by Lourens van der Pol 27
Slút je oan by GEKE en stypje SDS! 28
Efkes foarstelle: Gert-Jan Hiemstra 29
Ut de âlde doaze 30
Doelpuntenmakkers senioaren 2025-2026 31
Aginda 32



Fan it bestjoer



En dan zit de eerste seizoenshelft er alweer op. Een seizoenshelft met hoogte- en dieptepunten. Ik ben een positief mens, dus laten we vooral naar de hoogtepunten kijken. Het kan niemand ontgaan zijn: SDS1 is herbstmeister. Na een korte dip vond het team de vorm terug en sloot het de eerste seizoenshelft af met een zinderende wedstrijd. Fantastisch! Ook de JO17-1 heeft sterk gespeeld en is winterkampioen. Wat een mooi resultaat deze eerste seizoenshelft!
Ook over supporters hoeven we niet te klagen. Een vaste groep trouwe aanhangers reist mee naar uitwedstrijden. Soms staan er bij een uitwedstrijd meer SDS supporters dan aanhangers van het thuisteam. Dit seizoen reist er zelfs steeds een spandoek mee! ‘Pure passie' staat erop te lezen en het is gemaakt door een jonge, heel trouwe SDS-fan.
Ik ben een positief mens, maar één dieptepunt moet me toch van het hart. De opkomst bij de algemene ledenvergadering was dit jaar teleurstellend laag. ‘Dan gaat het goed, anders komen ze wel,’ sprak iemand me toe. Maar toch voelt het niet goed. Leden zouden mee moeten denken en beslissen over zaken die voor hen belangrijk zijn.Het bestuur legt op zo’n vergadering verantwoording af, leden spreken op zo’n avond het vertrouwen uit in het bestuur. Deze keer wel een heel passieve blijk van vertrouwen.
Terug naar betere berichten: bijna alle vacatures in het bestuur zijn weer gevuld. We zijn dankbaar voor de inzet van Marco en Catharina de afgelopen jaren. We zijn blij dat Syb zijn taak nog één jaar zal vervullen en dat we in Gert-Jan en Marijke twee nieuwe, enthousiaste bestuursleden hebben gevonden. Marijke neemt naast de ledenadministratie een deel van de PR-taken op zich. Dat is super, maar we zoeken nog steeds wel een aantal mensen die ook een deel van die taak op zich willen nemen. In je eentje kun je dat niet doen.
Op dit moment is het winterstop, maar is het bestuur druk doende de nijjjierssit te organiseren. Met weer een leuk, aantrekkelijk programma. Ik hoop jullie allemaal te mogen begroeten die middag!
En dan een blik vooruit: ik hoop dat de tweede seizoenshelft veel mooie en sportieve wedstrijden zal opleveren. Met spelers die na de wedstrijd gezellig in de kantine een drankje komen doen. Een gezellige derde helft is belangrijk voor het wij-gevoel en de omzet. Verder wordt het zaak een groep mensen te vinden die zich gaat verdiepen in alles wat nodig is voor het nieuwe kunstgrasveld. Dat veld moet over een paar jaar vervangen worden en daar is heel wat voor nodig. Samen met de Skoalleseize zijn we de eerste stappen aan het zetten.
Nu gaan we eerst kerst vieren en het oude jaar verruilen voor een nieuw jaar. Ik wens iedereen mooie dagen en veel geluk en gezondheid in 2026.

Helga



Ferslach SDS-ledengearkomst

In gearfetting fan de ledengearkomst op 13 novimber:
- Der wie spitigernôch in historisch lege opkomst, it bestjoer fynt dit tige spitich.
- De jeugdkommisje fertelt dat sy ôfrûnd seizoen in protte jild ophelle ha, dêrneist ha sy net folle útjoen. De sponsorrin yn Hearrefean hat it meast opbrjocht. It FIFA-toernoai gie net troch y.f.m. te min oanmeldingen. De jeugdkommisje besjocht hoe't sy it bêste alle teams bereike kinne.
De slotdei foel letterlijk yn it wetter, it seizoen soe ôfslúten wurde yn Swimbad de Klomp. Troch in minne waar gie it net troch.
De jeugdkommisje siket noch 1 as 2 kommisjeleden.
- De technyske kommisje fan de jeugd hat ûnderling teams ferdielt, sa binne sy oansprekpunt fan dy teams. Der wiene 16 jeugdteams en de kommisje streeft dernei dat eltsenien mei wille fuotballet by SDS.
- Ledenferrin. Marijke hat it ledenferrin fan de ôfrûne 20 jier yn bield brjocht.

Wêrby in oantal saken opfalle:

* Der binne in protte 'niet-spelende-leden', dy hawwe nei 'Corona' op sein, dus dat kin in daling ferklare.
* Opkomst fan de jeugdleden sakket, dizze trend is landelijk. Foarich jier ha we fan de KNVB noch in kompliment krigen dat we mear jeugdleden hawwe as de gemiddelde klups.
* Frouljusteams hat de piek yn 2015/2016. Ynmiddels 10 jier letter is dat noch ien 7x7 team. Der is wol wer behoefte oan in damesteam. Hokker froulju stean hjir ek foar iepen, graach melde by Tryntsje.
* Foarútsjocht SDS: stabyl bliuwe. Wurde we al lytser, dan soeden we in gearwurking oangean moatte mei oare ferienings sa as Nijlân en VVO.

- Ferslach ponghâlder. Henk Postma nimt ús mei yn de begrutting foar foarich seizoen.

* It kleanfonds is dit jier goed benut.
* Sponseraksje sc Hearrefean by de jeugd hat ôfrûne 2 jier mear opbrjocht as de 'dropaksje'.
* De kaskommisje is akkoard gien.



- Skoalleseize:

* De Skoalleseize jout oan dat sy yn de takomst in Multi Functioneel Centrum wurde. Dêrneist wolle sy graach mear ynkomsten genereare om oer in pear jier it keunstgêrsfjild te ferfangen.

- Bestjoerssaken:

* Syb Overal bliuwt noch 1 jier oan as wedstriidsekretaris.
* Catharina Postma treedt ôf en Marijke Swiersta wurdt oannommen as nij bestjoerslid foar ledenadministraasje.
* Marco Groothof treed ôf en Gert-Jan Hiemstra wurdt oannommen as nij bestjoerslid foar Materiaal en Terrein.
* De funksje fan PR & Reklame stiet noch iepen. (Tryntsje Kooistra-Bouma)

SDS-nijjierssit op sneon 3 jannewaris

Sneon 3 jannewaris is wer de jierlijkse SDS-nijjierssit.Jim binne allegear fan herte wolkom. Foar elkenien is der wol wat te dwaan.

It programma sjocht der sa út:

- Fuotbaltoernoai foar de JO17, JO19 en de senioaren, 12.30 sammelje, 13.00 oere los(**opjaan by Gert-Jan Hiemstra 06-51120435**).
- Klaverjassen, 13.00 oere los(**opjaan by Harm Dijkstra, 06-20702345**).
- Nijjiersrin (sa'n 6 km) 14.15 oere sammelje by de kantine (gjin opjefte nedich)
- Fuotbaltoernoai foar de JO13 oant en mei de JO15, 12.30 sammelje, 13.00 oere los(**opjaan by Gert-Jan Hiemstra 06-51120435, efkes je team der by sette**).
- Muziekkwis foar elkenien fanôf 16.00 oere. Opjaan yn teams van 4 persoanen. Oanmelde muzykkwis by **Helga: 06-52628565**
- Nei dit alles komt noch DJ Bas, de priisútrikking én it Draaiend Rad.





Oan it wurd; Ids Boersma



Ids Boersma fuotballe oant syn 65e jier by SDS. Dat betsjut dat hy mear as 53 jier by SDS balle hat. Syn lêste wedstriid foar SDS foar de simmerstop mei SDS 4 tsjin Mulier 2. It is no allegear besakke en wy binne wol benijd hoe't hy werom sjocht op al dy jierren as fuotballer. Wy fielden him oan de tosk.

Mist it fuotbaljen al?
Nee hjer, de lêste jierren wie ik al oan it ôfbouwen op it fjild en no probearje ik, at it wurk it talit, op moandei by de "efkes ballers" mei te dwaan. Ik fuotbalje dus sa no en dan noch.

Hoe seach dyn fuotbalkarrière by SDS der út?
Op myn 11e kaam ik troch myn skoalmaster Freark Smink by SDS. Ik haw doe earst yn alle jeugdelftallen (C,B,A) en dêr nei yn alle senioarenalvetallen (1,2,3,4,5,6) spile.

Ik tink dasto de ienige fuotballer bist dy't by SDS sawol yn SDS 1, 2, 3, 4, 5 en 6 fuotballe hat. Of soe der noch ien wêze?
Nee dat tink ik ek net want SDS hat net sa lang een 6e alvetal hân. Ik wie der doe lieder en spiler fan.

Fan welke trainer hasto it meast leard of wie dyn bêste trainer?
Fan Joop de Boer út Akkrum en Henk Buning út Ljouwert.

Mei wa hast it meast of it langst fuotballe?
Oer in periode fan 50 jier wit ik dat net presys mar de lêste jierren by de senioaren en yn it sealfuotbal tink ik mei Klaas van der Weg.

Wat wie dyn hichtepunt?
De kearen dat je kampioen waarden mei in elftal wienen hichtepunten. Foaral it kampioenskip mei it 1e alvetal 4e klasse 1979-1980 wie in echt hichtepunt foar my.

En djiptepunt?
Ik kin my net herinnerje dat ik echt djiptepunten meimakke ha. Bin yn al dy jierren ek nea echt blesseard west.

Wat wie it bêste team wêr asto yn fuotballe hast?
It earste elftal fan 1979-1980. Kampioen 4e klasse!



Dan kinsto dy dit noch wol heuge?



steand: Hielke de Vries (lieder),Siepie Visser. Ids Boersma,
Pyt de Jong, Roelof Joustra, Klaas Overal, Ynze Jorritsma,
Jan van Asselt, Roel de Wit (trainer)
op hurken: Wim Bakker, Jelle de Boer, Wouter Hylkema, Lolke Okkema,
Henk Walda, Hendrik Okkema



Jaseker, it kampioenskip yn ‘e 4e klasse seizoen 1979-1980. Geweldich moaie tiid hân mei dizze mannen.

Wat wie de bêste fuotballer wêr asto mei balle hast?
By it fjildfuotbal wie dat tink ik Wouter Hijlkema en yn ‘e seal Johan Orsel.

Do hast dus ek jierren sealfuotballe?
Ja, ik bin stoppe by it earste en nei it twadde gien om mear sealfuotbalje te kinnen. Sealfuotbal lei my wol wat. Lekker balje yn ‘e lytse romte.



Efter: Andries Stuiver, Johan Orsel, Ids Boersma, Klaas Kamstra
Foar: Auke Jetze Kroondijk, Marco Haagsma, Ype Tiemersma en Douwe Schaafsma


SDS seal 1 jubileumjier 1997

Nei dyn alderlêste wedstriid seidest; ‘‘SDS 4 spilet sa’n 20 wedstriden per seizoen, ik bin der mar de helte en fan dy helte fuotbalje ik mar ien helte per kear, dus eins binne it mar 5 wedstriden per seizoen, dus ik kin eins makkelijk oant myn 70e troch’. Stiest der noch sa yn?
Ja, at je it lichamelik noch dwaan kinne en mar ien helte balje en je komme sneins noch redelik makkelik je bêd út dan kin je in hiel ein komme….

Sjogge wy dy by SDS ek werom? As fynst it wol goed sa?
Ik bin al in pear kear by SDS 1 west te sjen en bin seker fan plan om faker del te kommen. Takom jier gean ik mei pensioen. Dan haw ik der sneons alle tiid foar.

As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út?
In superalve meitsje nei 54 jier fuotbal is moeilik. Ik gean foar myn superelftal: kampioensteam 1979-1980 (sjoch foto hjir foar).

Tige by tige, Ids!
Mar in hiel soad wille tawinske mei dyn frou Klaasje de bern en de pakesizzers.
Wy hoopje dy gau wer ris by SDS te sjen.


IDENTITEITSBEWIJS

94 jun.

Naam van de speler Boersma

Voornamen (voluit) Ids

Adres Slachte te Wommels

Geboorte datum 20 4 59

Geldig van 1971/1975 tot 1979/1978

Speler van de V.V. SDS te Castrum

Datum overschrijving ... naar V.V. ... te ...

Datum medische sportkeuring 25 5 71

Handtekening van de speler

Handtekening van de secretaris

As wy dizze spilerskaart leauwe meie dan is Ids yn 1971 keurd en is hy dus op syn 12e begon te fuotbaljen by SDS.
Hy hat dus mar leafst 53 jier by SDS fuotballe.



Trainerspraat: Douwe Posthuma



SDS 1 docht it mar knap. Sels sa knap dat sy mei de winterstop boppeoan stean. En dat is lang lyn dat soks bard is. Wy geane der fanút dat by trainer Douwe Posthuma de SDS-flagge dan ek de hiele winterstop bûten hinget. Wy hearden efkes by him.

SDS 1 Herbstmeister! Lokwinske! Wa hie dat tocht?
Voor het seizoen had ik niet een heel goed beeld van onze positie in deze klasse, maar onze eerste drie wedstrijden waren sterk en dat schepte verwachtingen. Helaas haalden we uit de volgende drie wedstrijden maar één punt en toen leek een koppositie even heel ver weg. We hebben daarna afgesproken om er nog zestien keer vol voor te gaan en wonnen vijf keer op rij, waardoor we nu zomaar bovenaan staan.

5 kear efterelkoar winne. Hast dat ea earder meimakke by SDS?

Nee, ik denk niet dat ik dat eerder heb meegemaakt bij SDS, maar ik geloof wel eens vier keer achter elkaar.

Hast de doelstelling foar dit seizoen no ek oanpast no't jim boppe-oan stean?
Onze doelstelling was om kampioen te worden en zo directe promotie af te dwingen. Dat kan je wel willen, maar kampioen worden is niet zomaar iets, dat blijkt wel weer. Hoe dan ook, onze doelstelling is dus niet veranderd, maar onze huidige positie motiveert alleen maar om er wel vol voor te gaan.

Wat fûnst oant no ta de beste ploech yn jim kompetysje en komme der noch ferrassingen?
Creil was de beste ploeg waar wij tegen gespeeld hebben. We kregen er ook vijf tegen in die wedstrijd en ik kan me niet herinneren dat me dat met SDS ooit eerder overkomen is in de competitie. Het lijkt mij dat QVC omhoog gaat kruipen op de ranglijst, want die hebben vooral aanvallend enorm veel kwaliteit. Delfstrahuizen was voor mij een onbekende ploeg, maar daar had ik niet van verwacht dat ze de eerste periode zouden pakken. Dat baseer ik dan op vorig seizoen, toen ze bijna degradeerden. Niettemin maakten ze tegen ons een prima indruk als team met een paar uitblinkers.

VV Oosterlittens stiet boppe-oan yn de 4e-Klasse B. Fynst dat net ferrassend?
Dat VVO bovenaan staat is geloof ik een grote verrassing voor iedereen toch?

Ook deze ploeg ken ik niet goed genoeg om er een oordeel over te vellen. Zij gaan het net als ons nog flink lastig krijgen om bovenaan te blijven staan.

Do soest graach in fideosysteem hawwe wolle om wedstriden te besjen. Wat hâldt dat presys yn?
Tegenwoordig hebben steeds meer teams een videosysteem om wedstrijden op te nemen en terug te kijken. Vorig seizoen heb ik op deze manier veel tegenstanders kunnen analyseren, omdat ik beelden van andere trainers kreeg. Dat is qua voorbereiding natuurlijk goud waard, maar als je zelf zo'n systeem hebt kan je elke week de wedstrijd van je eigen team terugkijken. Op die manier kan je heel scherp kijken naar je team en elke speler individueel. Daarnaast kan je ook de speelwijze van elke tegenstander heel visueel maken.

Hast al bytekene?
Ja, ik ben ook volgend seizoen trainer van SDS.



Súkses alfêst de twadde seizoenshelte. In kampioensfeestje soe wol wer ris moai wêze. De lêste kear dat soks barde wienen de measte spilers fan SDS 1 noch net sa âld. Dat wie namelijk yn 2005. Doe waard SDS kampioen yn de 2e-Klasse.

SDS/Nijland JO19-1 aktyf op it OFK

It OFK 2026 is it Open Friese Kampioenschap Zaalvoetbal, organiseare troch ZVF yn Frjentsjer. Dit toernoai wurdt tradisjoniel begjin jannewaris ferspile. De foarrondes binne op 2, 3, 5, 6, 7 en 8 jannewaris en de finales binne op sneon 10 jannewaris yn Sporthal De Trije.
Foar SDS docht dit jier de SDS/Nijland JO19 mei. Sy hawwe de foarrondes op **moandei 5 jannewaris**. Hjirûnder de poule-yndieling en it wedstriidskema:

Poule 13:
SC Stiens 2
Heerenveense Boys JO19-1
SDS/Nijland JO19-1
Golden Oldies 1
Broekster Boys 1
Haskerland 2

19.44 oere: sc Stiens 2 – SDS/Nijland JO19-1
20.26 oere: Heerenveense Boys JO19-1 – SDS/Nijland JO10-1
21.08 oere: Golden Oldies 1 – SDS/Nijland JO19-1
21.50 oere SDS/Nijland JO19-1 – Broekster Boys 1
22.32 oere: SDS/Nijland JO19-1 – Haskerland 2

Gezocht: vrijwilliger PR / Sponsorzaken VV SDS

Tijdsinvestering: Gemiddeld 1 uur per week (flexibel in te delen) + 1 bestuursvergadering per maand (ca. 2 uur)

Wat ga je doen?
Als **vrijwilliger PR / sponsorzaken** ben jij het gezicht van VV SDS richting onze **sponsors en freonen** (vrienden van VV SDS). Jij zorgt voor het opbouwen, onderhouden en uitbreiden van deze waardevolle contacten. Dankzij jouw inzet kan VV SDS blijven groeien, zowel sportief als maatschappelijk.

Je:
-zoekt actief naar nieuwe **sponsors en freonen** van VV SDS;
-onderhoudt het contact met bestaande relaties;
-sluit sponsorcontracten af (hiervoor is een format beschikbaar);
-vertegenwoordigt de club op een positieve manier richting het bedrijfsleven en de gemeenschap;
-denkt mee over acties of initiatieven om sponsors en freonen bij de club te betrekken;
-maakt deel uit van het **bestuur** en woont maandelijks de bestuursvergadering bij.
-werkt samen met het bestuur aan het **verdelen van taken** en het betrekken van andere vrijwilligers bij sponsor- en PR-activiteiten.
(De organisatie van balsponsors doen andere vrijwilligers.)



Wat vragen we van jou?
-Enthousiasme voor VV SDS en affiniteit met lokale sport en samenleving
-Goede communicatieve vaardigheden
-Representatieve en proactieve houding
-Zelfstandigheid en betrouwbaarheid
-Bereidheid om gemiddeld 1 uur per week te investeren (tijd zelf in te delen) en 1x per maand een bestuursvergadering bij te wonen

Wat bieden we?
-Een leuke, afwisselende vrijwilligersrol binnen een gezellige en betrokken vereniging
-De kans om mee te denken over de koers van de club
-Veel vrijheid in de uitvoering van je taken
-Waardering en zichtbare impact: jij helpt VV SDS letterlijk vooruit!

Heb je belangstelling neem dan contact op met één van het bestuur.

Keeperspraat



Jorrit Stap is keeper by de JO19-1 fan SDS/Nijland. Dêrneist sjogge jim him wol gauris op de bank sitten by SDS 1 en keept hy wolris by in oar team. Wy binne wol benijd nei him.

Ha Jorrit, hoe âld bisto, sitst noch op skoalle en wêr wennest?
Ik bin 18 jier, sit op skoalle yn Snits, doch persoanlik begelieder yn de maatskippelike soarch. Ik wenje yn Easterein.

Hast dyn hiele libben oant no ta keept?
Nee ik bin yn de spits begongen en nei ien jier bin ik op de goal gongen.

Hat jim heit Frans ek net altiten keept?
Ja, myn heit hat oant syn 21e bij St Annaparochie op it fjild op de goal stien. En hat dernei yn de seal ek op goal stien, wêrunder ek bij SDS.

Hoe giet it mei de JO19-1?
Dizze twadde helte fan it seizoen giet it wat minder. Wedstriden die we wol winne moatten hienen ferlieze we krekt of spielje gelyk.

Jim hawwe in moai ploegje mei jongens út allegear ferskillende doarpen wei. Hoe is dat?
Dat is wol moai. Ik kin sommige jonges al fanôf de jeugd. Der geane guon fuort die wer werom komme. Nije jonges passe der goed bij.

Wat is jim doel dit seizoen mei de JO19-1?
Us doel is om kampioen te wurden yn de 1e klasse.

Wat fynst der fan asto sneon earst keepst by de JO19 en dêrnei noch by SDS 1 op de bank sitte meist?
Faaks wol leuk. It leit der foar my wol oan of it in leuke wedstryd is bij it earste, en hoefier ik dan noch ride moat.

Hoe lang meisto noch yn de junioaren keepe?
Dit is it lêste jier foar my yn de JO19-1



Mei de JO19-1 dogge jim begjin jannewaris wer mei oan it OFK yn Frjentsjer. Wat fynsto fan it keepen yn de seal?
Ik fyn it wol leuk omdat je mear te dwaan hawwe yn in sealwedstryd as op it fjild. De ballen komme wat fan tichterbij wat hurder op je ôf. Dat docht dan al earder sear.

Wat binne dyn sterke punten?
Refleksen, 1 op 1 en dûke

Hast ek mindere punten?
Timing op klemballen ynskatte.

Fan wa hasto it meast leard as keeper?
Fan myn heit. Ik krige al betiid oanwizings fan him as wy in potsje fuotbal dienen.

Welke keeper is dyn grutte foarbyld?
De Gea, hy brûkt syn fuotten faak en dat doch ik ek faak.
En Manuel Neuer, hij spilet as in “sweeper keeper” en dat doch ik ek faak.

In ‘Sweeper-keeper’?
Dat is in keeper dy’t as in soartefan ekstra ferdediger fuotballet. Hy helpt om de romte efter de lêste liny ôf te dekken en helpt by de opbou fan in oanfal.

Wa moat der no by it Nederlâns alvetal op de goal?
Bart Verbruggen. Hy hat in goed EK keept en ik tink dat hy it op it WK ek goed dwaan giet.

Wa fynsto de bêste keeper op de wrâld en wêrom?
Courtois, hy keept goed bij Real Madrid en stiet op de goeie plakken op de meast krusjale mominten.

Hast as keeper sels ek in doel wasto berikke wolst?
Basiskeeper yn it 1e.

Jorrit, tige by tige!
Wy winskje dy in machtich seizoen ta en noch folle jierren wille by SDS.

(WW)




SDS-Krystpuzzel

Dit jier wer in ‘farske’ puzzel yn de Treffer. In echte ‘Filippine’ fuotbalpuzzel, mei in útkomst fan boppe nei ûnder.
Graach jim antwurd trochmaile nei: DeTreffer@vv-sds.nl.
Jim meitsje wer kâns op in alderaardichste priis.

1. Hoe noem je het aantal spelers, dat op het veld staat, exclusief de reservebank?
2. In welke zone van het veld ligt het strafschopgebied?
3. Welke club heeft de meeste Eredivisie-titels gewonnen?
4. Welke speler van het Nederlands Elftal scoorde het meest in een jaar tijd?
5. Wat is de naam voor de actie waarbij een speler probeert de bal van de tegenstander af te pakken, vaak met een schijfbeweging?
6. Wie is de bekendste voetballer, met de bijnamen ‘de Verlosser’ en ‘El Flaco"?
7. Wat is de term voor de situatie waarbij een aanvaller zich in een positie bevindt achter de laatste verdediger wanneer de bal wordt gespeeld?
8. Wat is de strafschop die wordt toegekend als een overtreding binnen het strafschopgebied plaatsvindt?
9. Wat is de functie van de speler die zich hoofdzakelijk richt op het scoren van doelpunten?
10. Welke term wordt gegeven aan een team die de bal gedurende een lange periode in bezit heeft?
11. Wie werd de eerste Europese speler die 100 interlands met het Nederlands Elftal speelde?
12. Hoe noem je het wanneer een speler drie doelpunten in één wedstrijd scoort?
13. Wie is de huidige aanvoerder van het Nederlands Elftal?
14. Welk land heeft de meeste FIFA Werdeldbekers gewonnen?
15. Wat noem je de techniek waarbij een speler met een schuifbeweging de bal afpakt van een tegenstander?
16. Hoe heet de extra tijd die wordt toegevoegd aan de reguliere tijd van een wedstrijd voor onderbrekingen?
17. Wat is de naam voor de defensieve spelers die zich het dichtst bij hun eigen doel bevinden?
18. Hoe heet de accommodatie waarvan voetbalvereniging SDS gebruik maakt?





De oplossing is:

……

Stjoer de oplossing foar 3 jannewaris nei DeTreffer@vv-sds.nl en meitsje kâns op in leuke priis.



Mika de Jong by sc Cambuur en sc Heerenveen?



Sûnt it seizoen 2023-2024 traint Mika de Jong by sc Heerenveen. Ynmiddels binne wy al wer 2 seizoenen fierder en binne wy wol benijd hoe as it mei Mika giet.

Hoe giet it mei dy?
Goed.

Hoe is it by sc Heerenveen?
Yn oktober bin ik ôffallen by sc Heerenveen....

By sc Cambuur hast miskien wol mear kans troch te streamen nei it 1e as by sc Heerenveen moast mar rekkenje. Of wurket it net sa?
Nee, sa wurket dat net. By Cambuur sitte ek folle goeie fuotballers.



Hast foar dy sels ek noch doelen steld dit seizoen?
Ik wol mear mei myn linkerfoet dwaan gean.

Wêr sjochsto dy yn de fiere takomst fuotbaljen?
By sc Cambuur fansels.

Hast ek noch oare hobby's as fuotbaljen?
Ik bin gek op fiskjen.

Mika, tige by tige!
Wy winskje dy in in soad súkses ta yn dyn fuotbalkarrière en mei it fiskjen!
(WW)

SDS-paraplu



Der binne folop SDS-paraplú's te krijen.
Sy koste mar €15,-.
Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde.
Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.
Bestel se fia **info@vv-sds.nl**.
Sy binne tidens it fuotbalseizoen yn de bestjoerskeamer te krijen.

Wa wint de SDS-League?

De earste helte fan de SDS-League sit der wer op. En dat hat in winner oplevere. Dirk en Mika de Jong winne mei ‘De Jong Boys’. Sy winne de SDS-League sûnder ek mar ien wykpriis te winnen. ‘FC Op nei de Top’ fan Gerlof-Jan Hofstra is twadde wurden en ‘Barb’Eeltje Postma tredde. ‘FC Lollum’ fan Thys Bruinsma hat hast de hiele edysje boppe-oan stien, mar eindigt úteinlijk as fjirde.
Sybrecht Overal en Willem Twijnstra winne mei ‘Overal United’ de poedelpriis. It siet harren net mei dizze edysje en waarden lêste. Durk Okkema waard ‘Krek net’ lêst. Hy hie twa puntsjes mear.

Dit is it winnende team fan ‘De Jong Boys’;

Drommel (TWE)

Deijl(GAE) Goes(AZ) Propper(TWE) El Karouani(UTR)

Til(PSV) Klaassen(AJA) Brouwers(HEE)

Linssen(NEC) Ueda(FEY) Willemsson(GRO)

De grutste winst foar ‘de Jong Boys’ siet der yn dat sy net ien blessearde spiler hienen de lêste wiken. Dêrneist skoorden sawol Til(PSV) en Ueda(FEY) om raak, hie Drommel wol gauris de 0 en hie Linssen yn de lêste wedstriid sawol in goal as in assist.

Sjoch foar de einstân fan de SDS-League op www.vv-sds.nl

SDS-sjaals te keap

Der binne SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,50 per stik.
Ideaal foar de winter, foar oan de muorre of by wedstriden fan SDS.
Moai om te jaan op in jierdei of foar ûnder krystbeam bygelyks.
Se binne tidens it fuotbalseizoen te krijen yn de bestjoerskeamer.



It ljocht op in SDS-supporter; Idsert Stenekes

It falt de lêste tiid op by de wedstriden fan SDS 1 dat in groepke jonge SDS'ers tige begien is mei it spul. Der hinget in spandoek en der swaait sels ien mei in flagge. Hawwe wy te meitsjen mei in Nij Noard of MI-Side by SDS? Of de miskien de nije Bunnik-side? Wy gienen op ûndersyk út en kamen út by Idsert Stenekes.



Wat moai dat jim sneons SDS 1 oanmoedigje. Hoe binne jim dêr sa by kommen?
Ik wie ris op in feestje en dêr wienen Marc Hoekstra en Brend Overal ek. Sy woenen wolris in sfeeraksje dwaan. Sa is it begong.

Mei syn hoefollen steane jim sneons te sjen by SDS 1?
Ferskillend. Meast bin ik mei Marc Hoekstra, Brend Overal, Jens Steehouwer, Wout Dijkstra en Niels Wagenaar. Somtiden binne bygelyks Brend en Siem Toering der ek.

Sitte jim ek allegear yn itselde fuotbalteam?
Dat net. Marc, Brend, Jens en Wout binne wat âlder. Ik fuotbalje al mei Niels.

Giest ek nei útwedstriden?
Sekers! Dan ryd ik meast mei de famylje Sijtsma mei. It spandoek hie ik de lêste kear net mei nei Aldehaske. Dat lei noch yn it ballenhok. De flagge nim ik nea mei, want dy is te grut. Ik haw it spandoek no thús lizzen sadat ik dy 31 jannewaris al meinimme kin nei QVC út.

Jim hawwe in spandoek en in flagge. Stiet der noch mear op it ferlanglistje?
Ik haw alwer in nij spandoek makke mei in doek fan beppe. Hjir haw ik it logo fan SDS op setten en SDS; Sterk Door Samenspel.

By sc Heerenveen hawwe sy Nieuw-Noord en by sc Cambuur de MI-side. Hawwe jim al in namme?
Noch net. Dan soe der noch in in hiel grut spandoek komme moatte mei de namme fan dy side der op en wurde wy wat wei as wy mar mei 5 man binne. As wy dat dwaan soenen moatte wy ek op Oost stean om it doek ophingje te kinnen.

Op Oost?
Ja, op Oost. Wy steane no meast efter de goal oan de kant fan de pannakoai. Op de oare kant is der mear romte foar sa'n grut spandoek.

Steane jim altiten oan de kant fan de pannakoai?
Meastal wol. Allinnich as der in penalty op de oare kant is dan drafe wy hurd nei de oare kant. En dan mar hoopje dat wy op tiid binne….

Wat is dyn favorite SDS'er?
Dan binne der mear as ien. Sawisa Mark Klijnsma, Lourens van der Pol, Pieter Sijtsma en Ate Schaap. Ik kin net sa goed kieze.

Wurdt SDS 1 dit seizoen kampioen?
Lestige fraach. Ik tink it wol.



Tige by tige, Idsert!
Wy sjogge út nei it nije spandoek!

Wêr hellet Douwe de 'mosterd?'

Wy binne der efter kommen wêr 't trainer Douwe Posthuma syn oefenstof, spylpatroanen en ynspiraasje wei hat. Dat sil by dizze winkel yn Snits wei komme. Of soe dit júst syn winkeltsje wêze?



Sparje mei foar SDS!

Door heel Nederland hebben ondernemers zich verbonden aan Dappre. Deze ondernemers willen bijdragen aan sport en cultuur in hun omgeving. En daar kan SDS ook van profiteren! Je kunt trouwens ook voor jezelf sparen, bijvoorbeeld voor je contributie.

Download de app en kies SDS als de club waar je voor wilt sparen. Elke keer als je bij een deelnemende ondernemer een pinbetaling doet, stort die een deel van je aankoopbedrag naar onze clubkas. Daar hoef je verder niets voor te doen. Geen gedoe met pasjes of scannen van de app.

Wat je wel moet doen, voor je de app in gebruik kunt nemen, is je bankrekening koppelen. Zo 'weet' de app dat je bij een deelnemende ondernemer hebt afgerekend en welk bedrag naar SDS en jouw eigen spaarpotje moet gaan. Dat koppelen is echt veilig en ondernemers krijgen verder geen inzicht in jouw gegevens. Het gaat er alleen om dat a.h.v. jouw pinbetaling gespaard kan worden voor SDS. Inmiddels doen 19 mensen (ook niet leden kunnen meesparen) mee, dat kunnen er veel meer zijn. Die 19 mensen spaarden samen **in twee weken €42,80 voor SDS**. Dat kan flink oplopen als meer mensen meedoen. Doe ook mee!



Meer lezen? Kijk op de site: **https://dappre.com/clubs/**

1. Ga naar **https://dappre.com/clubs/** en zoek op SDS om direct de Digitale Clubkaart te activeren in de privacyvriendelijke Nederlandse netwerk-app Dappre. Je hoeft geen account aan te maken en er worden geen persoonsgegevens gevraagd.

2. Koppel eenvoudig en veilig de Digitale Clubkaart(en) aan je eigen betaalrekening(en).

3. Reken af bij deelnemende ondernemers door te pinnen en je spaart helemaal automatisch voor onze club én voor jezelf! Je hoeft geen pasjes te laten zien. Pinnen = sparen!

4. In Dappre kun je zien waar en hoeveel je kunt sparen (bij 'spaar hier') en zien hoe je spaarsaldo oploopt!

5. Elke maand gaat het gespaarde bedrag automatisch naar de club(s) waar jij voor wil sparen. Je kunt daarnaast ook sparen voor je contributie of vouchers en toegangsbewijzen. Leuk!

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: **Jilles Reitsma**	
Namme	Jilles Piter Reitsma
Berne	24 septimber 2015
Yn Wommels, Easterein as....	Wommels
Skoalle	It Fûnemint
By SDS sûnt	2022, helaas krekt neidat de sds plaatsjes makke wiene...
Team	JO11-2
Gjin fuotbal, dan...	Keatse of tennisje
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen fansels
Favorite klup bûtenlân	Real Madrid
Beste trainer	Jeroen Brouwer
Beste fuotballer yn Nederlân	Frenkie de Jong
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Roooooonaldooo
Favorite fuotballer SDS	Auke Boomsma
Beste keeper	Noppert
Favorite posysje	Ferdediging of mid rjochts
Sterkste punt	Ferdediging & oanmoedigje
Swakste punt	Skore
Moaiste stadion	Abe Lenstra

Idoal	Myn heit
Hichtepunt	Myn jierdei
Djiptepunt	Schoolschaatsen....
Moaiste goal	In goeie ferdediger makket gjin goals
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw 
Boas om	Ûnrjocht
Flinters yn de búk fan	Wit ik net, froulju moat ik niks fan witte.
Tillevysje	Groen in de grote stad
Muzyk	Pop
Lekkerste iten	Pizza
Minst lekkere iten	Sprútsjes
Drinken	Cola zero
Nintendo DS, Playstation, X-BOX of bûten boartsje	Bûten boartsje en Nintendo Switsh
Favorite game	Mario Odyssey
Samsung of IPhone	Samsung
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Mei myn team
Kampioen Earedivyzje 2025/2026	PSV (mar ik hoopje it net)
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heerenveen
Sinteklaas of de krystman?	Sinterklaas
Moaiste sjurt	SC Heerenveen út
Lelijkste sjurt	Beide fan Ajax
Fuotbalskuon	Nike mei neongeel
Rjochts of lofts?	Rjochts
At ik letter grut bin dan....	Wurd ik ingenieur en wol ik de wereld in bytsje moaier meitsje
Wolst fierders noch wat kwyt?	Ús heit hie ris in echt Ajax shirt foar my besteld, die haw ik 1 kear oan hân ûnder lichte dwang!

Efkes foarstelle; Marijke Swierstra



Marijke Swierstra is by de SDS-ledengearkomst oansteld as ledenadministratrise. Sy nimt dizze funksje oer fan Catharina Postma. Sels koe sy net op de ledengearkomst komme om't sy tafallich krekt op dy dei jierdei wie. Wy stelle har hjir efkes foar.

Lokwinske noch mei dyn jierdei? Hoe jong bist wurden?
39 jier



Kinsto dysels efkes foarstelle?
Ik bin Marijke Swierstra en wenje tegeare mei myn man Wesley Hoitinga en ús 3 jongens, Zenn, Dex en Quin yn Wommels. Ik wurkje yn Snits bij Alphatrots wêr 't ik op de administraasje sit en it tige nei myn sin ha.

Wat is dyn affiniteit mei SDS?
Al ús 3 jongens fuotballe bij SDS. Fansels bin ik hjir alle wiken te finen op it fjild. Neat moaiers dan op sneontemoarn lâns it fjild. Doe't Helga my frege foar de funksje foar ledenadministraasje, hoechde ik ek net lang nei te tinken.

Efter de skermen hasto al ien en oar dien de ôfrûne moanne. Kinst der mear oer sizze?
Ik bin yn september stadich oan wat begong om my yn Sportlink te ferdjipjen. Sa bin ik tegeare mei Catharina dwaande west om ús ledenoantal yn kaart te bringen fan de ôfrûne 10 jier. Ek bin ik dwaande west mei in stikje PR. Om't wy op it stuit noch net ien foar dizze funksje beskikber hawwe, binne wy de sponserlijsten trochrûn, hawwe se op orde brocht en alles digitaal makke.
No binne wy drok dwaande om de nijjierssit op 3 jannewaris te organisearen. Ik bin by sponsers del west om prizen beskikber te stellen foar it draaiend rad. Machtich moai dat sy hjir in bijdrage oan dwaan wolle.

Hast ek doelen foar eagen by SDS?
Fansels! Der kinne fansels altiten mear leden by! Mar seker ek frijwilligers, sponsers en freonen. Sûnder frijwilligers binne wy nergens. Der stiet noch in leuke funksje as PR-lid iepen. It soe leuk wêze as ien ús team fersterkjen komt. Ek binne wy alfêst dwaande om in plan te meitsjen foar in nij keunstgêrsfjild. It keunstgêrsfjild sil oer in pear jier der út moatte en fansels moat dêr jild foar komme. Ik fyn it leuk om mei sokke projekten te helpen. Ik fermeitsje my dus wol de kommende jierren.
Marijke, tige by tige! Wy hoopje dast in moaie tiid hawwe silst yn it SDS-bestjoer.

SDS -Look-a-likes(48)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl**!**

Darter Ryan Searle as wepmaster Willem:




Ewout de Boer as Jerdy Schouten(PSV):






Auke Boomsma as Martinez(Aston Villa, Argentinië):




In fruitmandsje bringe by Lourens van der Pol

Lourens van der Pol fan SDS 1 hat lêst fan syn knibbel en die de lêste wedstriden foar de winterstop net mei by SDS 1. Wy hoopje dat hy der nei de winterstop al wer is. Wy sille ris efkes heare hoe as it liket.



Wer lêst fan de knibbel. Hoe hast dat sa krigen?
Yn de twadde helte tsjin Sleat krige ik een skop oan de bútenkant fan myn knibbel. Dêrtroch is myn binnenbân ferrekt en sit d'r ek wat oare skea yn…

Is it deselde knibbel wêr asto earder ek wol lêst fan hân hast?
Dit is de oare kant, mar folgens de specialisten is dat een gunstig scenario, en alle testen wiize ek út dat dit een oar soart blessure is, gelokkich.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?
D'r wieden wol wat minsken skrokken fan de gebeurtenis en ik tink dat se my yn Wommels hast wol hjeare koeden toen it barde dus ik toch inderdaad wol fuort dat it mis wie.

Do stiest wol wer gau op it trainingsfjild. Gie it dochs net hielendal goed?
It fielde wol sterk, dus ik woe wol graach wer even mei de mannen meidwaan as keeper. Tiidens it útkommen gie ik wer troch myn knibbel en toen bin ik ek mar net meer west…

Hoe giet it no mei dyn herstel?
It falt my eins wat tsjin, der sit noch folle ynstabiliteit yn en it docht by flagen ek echt noch sear.. dus dat is net sa as ik hoopt hie. Mar lokkich genôch hawwe de mannen nog gjin punt ferlern sûnder my.



Giest ek nei de fysio of sa?
Ik wurkje 3x per wike myn oefeningen ôf en stean onder tasicht fan Wytske. Dat is fansels altiten gesellich en de stipe fan Wytske is goed.

Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean? Bist der wer op sneon 31 jannewaris tsjin QVC?
Myn doel is de wintersport fanôf 4 jannewaris, dus de 31e meie de Starumers harren boarst wiet meitsje

Foldocht de thússoarch yn Wommels no ek better as yn Easterein?
Ik haw altitenh moai yn Easterein wenne, mar tsjin Wommels kin Easterein lang net op…. en ik haw gelokkich een leave freondinne die't goed op my past!
Lourens, in protte sukses mei dyn herstel!
Wy hoopje dy snel wer op it fjild te sjen! (WW)

Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje:
Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,– per jier.
Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.
Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: **info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!**

GEKE GRIENE ENERZJY KOÖPERAASJE EASTEREIN

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (http://www.geke-easterein.nl/) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen



VanOns

Efkes ‘foarstelle’; Gert-Jan Hiemstra



Gert-Jan Hiemstra is by de SDS-ledengearkomst oansteld as materiaalman fan SDS. Hy nimt dizze funksje oer fan Marco Groothof. Sels koe hy net op de ledengearkomst komme om’t hy tafallich krekt op fakansje wie. Wy kinne Gert-Jan fansels as fuotballer en keeper. Hy fuotballe jierren yn SDS 1 en is no al jierren keeper by SDS 4. Wy fielden him efkes oan de tosk.



Noflike fakansje hân?
Ja, de fakânsje wie hearlik, efkes in wike hielendal neat. Lekker ite en drinke, wat rinne en oan it strân lizze. Mei 29 graden ferfeelt dat net.

Do hast jierren fuotbald en keept by SDS en no wurdst materiaalman. Wat hâldt dyn funksje sa al yn?
Ik soargje dat der altiten goeie en genôch materialen binne, sa as hesjes, ballen, sokken, coachjassen ensa. Fierders it freonenboerd en de reklameboarden foar nije sponsers regelje. En noch wat oare taken.

Efter de skermen hasto miskien al ien en oar dien de ôfrûne moanne. Kinst der mear oer sizze?
Ik bin pas krekt yn funksje hear. Mar haw kontakt mei û.o. Muta, wêr ’t wy it materiaal bestelle. Fierders dwaande mei nije bankjes neist de dug-out foar de technyske staf. En wy binne dwaande mei SDS jaskes foar trainers/lieders foar de maaitiid.

Kinst dyn nije funksje wat kombineare mei dyn keepen by SDS 4 tinkst?
Ja, dat kin prima. 1x yn de moanne fergadering en sneontemoarns ris op it sportpark sjen as alles yn oarder is. De rest kin ik thús wol regelje.


Hast ek doelen foar eagen by SDS?
Ik fyn it wichtich dat as minsken op it sportpark komme se sjogge en tinke dat SDS it goed foar elkoar hat. Een proffesjoniele útstraling.
En ik haw mysels foarnommen dat as it keepen net mear wol troch lichamelijk ûngemak, ik wol wer wat mear fluitsje wol. Bin sneons dochs op it sportpark en ek dat fyn ik moai wurk.

Jim bringe ek al jierren de Treffer rûn. Hoe lang dogge jim dat al?
Dat docht Hester, ik tink al wol in jier as 10.

Gert-Jan, tige by tige! Wy hoopje dat dyn taak as materiaalman fan SDS dy goed befalle sil en sjogge dy graach wer keepen en oars fluitsjen.

Ut de alde doaze

Wij sjogge werom op it jier 1977-1978. SDS spilet yn de 4de klasse A en Joop de Boer is trainer. De kranteknipsels út ferskillende plakboeken fan meardere spilers jouwe in ferslach


Oosterenders pas tegen de muur door de knieën
ZEEROBBEN–S.D.S. 2–1

“Oosterenders pas tegen de muur door de knieën” kopte it Friesch Dagblad yn de rubryk ‘met eigen ogen”. In ferskriklike kop dy’t anno 2025 net mear kin. Mar hawar, wij sille sjen wat se dêr dan mei bedoele.
It is in wedstriid tsjin Zeerobben 1 yn Harns. Zeerobben is yn de earste helte better mei troch in betiid en foaral gelokkich doelpunt troch in hoekskop fan Piet Galema (Zeerobben) dy’t ferkeard op de holle komt fan Piet Zijlstra en de bal yn it eigen doel rollet.
Tsja Piet Zijlstra, dy komt ús net bekend foar. It soe Pier Zijlstra wêze kinne mar ek Piet de Jong. Gelokkich hawwe wij de foto noch





Skotten fan Klaas Okkema en Wouter Hylkema wiene hurd mar net doeltreffend.
“Na de rust kwam SDS als herboren uit de kleedkamer” stiet der yn it ferslach. In skot fan Piet de Jong tsjin de ûnderkant fan de latte soarget foar juichende SDS supporters mar de skiedsrjochter (ek noch in de Jong notabene) sjocht de bal net oer de line.
Efkes letter witte Henk Walda en Piet de Jong elkoar goed te finen en knalde dy lêste de 1-1 tsjin de touwen.
In boeiend skouspul dêrnei seit de krante mar bij SDS wie de piip op lêst leech en wer út in korner makke Zeerobben no sels it doelpunt . De wedstriid einige yn 2-1 en beide ploegen einigen yn de middenmoat.

Doelpunten 2025-2026

De fjouwer senioarenalvetallen fan SDS hawwe op dit stuit 70 kear skoard. Ferline jier mei Kryst wiene dat 82 doelpunten. Opfallend is wol dat trije alvetallen better presteare mei mear doelpunten en dat de efterútgong op namme komt fan SDS 4, dy't ferline jier de measten doelpunten makken.

SDS1	SDS 2	SDS 3	SDS 4	Totaal
20 (19)	20 (16)	23 (17)	7 (30)	70 (82)

Neist dizze 16 ûndersteande doelpuntenmakkers mei 2 of mear doelpunten binne der noch 13 oare spilers (wêrfan ien út Creil of Bant) dy't allegear ien doelpunt skoard hawwe. Dy totale list kinne jim fine op de webside.
Ate Schaap, Wiltsje Aardema en Kees Sandstra binne de ienige trije dy't ferline seizoen mear as trije kear skoard hiene en dat no wer dien hawwe.

	1	2	3	4	Totaal
Ate Schaap	7		1		8
Auke Boomsma		7			7
Matthijs Postma	4				4
Kees Sandstra	1	2	1		4
Wiltsje Aardema			4		4
Pieter van der Valk			4		4
Redmer Wiersma		3			3
Gerben Gerbrandy			3		3
Jasper Scholte			3		3
Niels Jansen			3		3
Milan van der Weg			2	1	3
Hendrik de Jong				3	3
Lourens van der Pol	2				2
Gjelt Kempe		2			2
Kevin den Haan		2			2
Feite de Haan				2	2



Aginda

Wannear?	Wat ?
3-jannewaris	SDS-nijjierssit
5-jannewaris	SDS/Nijland JO19-1 yn de foarronde fan it OFK
6-jannewaris	1e training SDS 1
10-jannewaris	Finales OFK yn Frjentsjer
20 jannewaris	Oefen: SDS 1 – Oosterlittens 1
24-jannewaris	Ynhel/beker
24-jannewaris	Oefen: SDS 1 – Nijland 1
31-jannewaris	QVC 1 – SDS 1
7-febrewaris	SDS 1 – NOK 1
14-febrewaris	Waterpoort Boys 1 – SDS 1
21-febrewaris	Ynhel/beker
28-febrewaris	Ynhel/beker
7-maart	SDS 1 – Creil/Bant 1
14-maart	Heeg 1 – SDS 1
21-maart	SDS 1 – Delfstrahuizen 1
28-maart	Sleat 1 – SDS 1
11-april	SDS 1 – Makkum 1
18-april	Irnsum 1 – SDS 1
9-maaie	SDS 1 – Oudehaske 1
16-maaie	Tollebeek 1- SDS 1

De hiele Trefferredaksje winsket jim in soad wille en sûnens yn







We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevlogen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.

grafische groep **van der eems**

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN